

foto: Heleen Hajtema

MOANNE fan it FRYSKKE BOEK 2012

www.moannefanitfryskeboek.nl 14 sept ^o/_m 14 okt

Oer in wike barst de Moanne fan it Fryske Boek wer los

Foar it tredde jier wurdt der in Moanne fan it Fryske Boek hâlden. Yn dizze bylage fine jo in greep út it nijste oanbod Fryske boeken. Traktearje josels of in oar op in stikje Fryske kultuer.

Dit jier organisearret Tresoar foar de tredde kear de Moanne fan it Fryske Boek. In belangryk jierliks momint om de rykdom fan de Fryske taal en literatuer oan in rom publyk te presintearjen. It is wier, boeken en literatuer hawwe it net maklik yn dizze tiden, mar oan de oare kant is it geweldich wat der yn Fryslân alle-gearre dien wurdt mei de taal: toaniel, muzyk, poëzij, proza, festivals, boeken en blogs.

De Fryske taal as drager fan ús tinken, ús dreamen, ús idealen is oeral om ús hinne. De Moanne fan it Fryske Boek wol dêr in bydrage oan leverje mei in moai en drok programma. It Frysk Boekefeest, optredens troch de

hiele provinsje en - nij dit jier - de Ekspedysje Laaksum. Europa mei dan yn krisis wêze, mei kultuer slaan wy ús der yn Fryslân trochhinne. Wy binne altyd al kulturele haadstêd.

Dit katern is makke yn opdracht fan de útjouwers fan Fryslân ferienige yn 'Boeken fan Fryslân' en 'Tresoar'. De Moanne fan it Fryske Boek wurdt hâlden 14 septimber o/m 14 oktober. In moanne lang ekstra omtinken foar de Fryske literatuer en ferskate akti-viteiten. Mear ynformaasje fine jo by boekhannel en bibliotek en op www.moannefanitfryskeboek.nl It nijste oanbod Fryske boeken kin by de boekhannel yn Fryslân kocht of besteld wurde.

Kadoboek 2012



SIETSE DE VRIES

Bak


Koarte ynhâld

Hy is al tweintich jier stedsferslachjouwer fan in regionale krante, Sjerp Bak. Fyftich jier âld, single en net altyd like happy. Krekt as er him der min ofte mear by del-lein hat dat de rest fan it libbenspaad mear út sljochte stikken as út bergen en delten bestean sil, krijt er op in jûn spul mei de jonge VVD-politikus Remco Beets. It rint sa bot út 'e klauwen dat Beets dearekket. De eangst foar ûntdekking wint it fan it gewisse, dat Bak docht der alles oan om de fertinking fan himsels ôf te lieden. Mar dan freget de sjef fan de stedsredaksje him om in moai bylageferhaal oer Remco Beets te skriuwen. As Bak ûntdekt dat der mooglik folle mear efter de dea fan Remco Beets stekt, begjint syn sjoernalistehert mear as oait te brûzjen. It wurdt it bêste stik dat er oait skreaun hat.

Ek as e-book

'Bak' is ek as e-book del te laden; ynstruksjes hjirfoar steane heal septimber op www.moannefanitfryskeboek.nl ûnder it kopke: *Fryske e-books*.

Dit jier is it Kadoboek skreaun troch de skriuwer en sjoernalist Sietse de Vries, dy't behalve misdiedromans ek toanielstikken skreaun hat. By oankeap fan € 10,00 oan Fryske boeken, krije jo it Kadoboek 'Bak' der op ta.



Aksjeboek foar bern 2012



LIDA DYKSTRA

Knipperke

Wintersliep

De wintersliep is noch lang net oer. Heit Daks en mem Durkje lizze lûd te snoarkjen. Mar lytse Epke wol gjin knipperke dwaan. Och heden nee. Hy hat hûnger. Hy moat pisje. Hy sangeret en rint fuort. Har ried te'n ein besykje syn âlden him sa wurch te meitsjen, dat er him wol deljaan móat. Se hinkelje mei him, fuotbalje, bokjespringe en dogge weikrûperke. Mar oft dat helpt...

Lida Dijkstra hat al mear as fyftich berneboeken skreaun, yn it Frysk en yn it Nederlânsk. Har wurk is ferskate kearen bebroand. Natascha Stenvert is as yllustrator tige súksesfol mei û.o. de boeken fan Kolletje en har eigen printeboek 'Bramenjam'.

Ynformaasje oer de ynhâld fan Fryske berneboeken is te finen op www.itfryskeberneboek.nl

Lida Dykstra is de auteur fan 'Knipperke' it nije Aksjeboek foar bern. Mei yllustratrise Natascha Stenvert makke se it printeboek. Knipperke is yn de boekhannels te krijen foar mar € 3,95 by oankeap fan € 10,00 oan Fryske berneboeken.





CORRY BOELENS
Wa fertelt de takomst?

Wytske is skieden en hat as pedikuere in drokke praktyk. Har dochters binne folwoeksen. De jongste, Fenna, kriget gjin bern. Har suster Sandra hat sels twa bern en siket in mooglikheid om har te helpen.
KFFB, € 16,00




LIEUWE PIETERSEN
De ûntfiering

By Hester wurdt ynbrutsen. Letter wurdt se ûntfierd. Wat hawwe dy twa saken mei-inoar te krijen? En hoe rint dit ôf?
KFFB, € 16,00



TINEKE DE JAGER - VAN DER ZEE
De Bosklju

Roman oer de Labadisten fan Wiuwert. Studint Thomas is in hiele wike op Walta-state yn Wiuwert en ûntdekt dat it biedwurd fan Pierre Yvon, de foaroanman fan de Labadisten 'dies diem docet' ek foar him jildt.
KFFB, € 16,00



HINNE WAGENAAR
Preken fan in tuorkefretter

14 preken fan dûmny Hinne Wagenaar, ûntstien yn de mienskip fan 'tuorkefretters' (Wurdumers). Preken oer aktuele tema's: oer hoe't tuorren fan hjoed de dei delhelle wurde.
KFFB, € 16,00



ELSKE KAMPEN
Dit is it gedicht/dit is het gedicht

Elske Kampen sjocht yn dizze bondel as mei de eagen fan in jongere, op in hiel eigen wize nei de minsken en de wrâld. Har twatalige fersen en kollaażjes binne foar bern fan alve jier en âlder.
Friese Pers Boekerij, € 15,00



FERDINAND DE JONG
De lêste trúk

Evert Jaarsma, resjersjeur, hat de hannen fol oan syn plysjewurk en oan syn buorjunge Henkie, dy't optreedt mei in Tommy Cooper-act. Mei syn kollega moat er twa mysterieuze stjergefallen oplosse. Evert syn âldere suster komt mei har man, in freeslike rassist, werom út Súd-Afrika. Dan wurdt der in nije moard begien yn it doarp...
Friese Pers Boekerij, € 17,50



DURK VAN DER PLOEG
De Belvédère

De Belvédère giet oer de neidagen fan Age Looxma-Ypeij, as er de lêste hân leit oan it testamint en geastlik de balâns fan syn libben opmakket. De fraach oft der plak wie foar in grutte leafde yn Looxma syn libben, foarmet de waarme en dynamyske ûndertoan fan dizze roman.
Friese Pers Boekerij, € 17,50



PITER BOERSMA
De Krêftproef

Actman Jelle Westerbaan, betinkt in projekt om syn freone- en kunderûnte yn de stêd Ljouwens. Haadrollen binne dêrby weilein foar Boersma syn literêre foarbylden en helden. Mei harren bringt Jelle Westerbaan, in dochminske, wat ta stân dat eins ûnmooglik liket te wêzen.
Friese Pers Boekerij, e-boek € 14,00, p-boek € 17,50



KARINA SCHAAPMAN
Sam & Julia yn it teater

Sam en Julia meitsje wer allegear aventoeren mei. Sam krijt in nij freondintsje en se jouwe in echte show yn it teater. Jim krije allegear nije keamers fan it Mûzehûs te sjen!
Friese Pers Boekerij, € 14,95



JETSKE BILKER
It libben fan in oar

It thúbringen fan in heimsinnige liftster soarget foar in grutte feroaring yn it libben fan promovendus Johan Visser út Ljouwert. Hy stoppet mei syn proefskrift en begjint oan in biografy dy't in bestseller wurde moat, oer in noch springlibbene opera-sjongeres.
Bornmeer, € 25,00



LIDA DYKSTRA
De nije seemearmin

Histoaryske ferhalen út alle tiden mei haadpersoanen dy't stik foar stik keunstsinnige, gefoelige minsken binne dy't har besykje steande te hâlden foarby de grinzen fan it gebrûklike, lykas keunstskilder Jan Mankes en ûntdekkingsreiziger Titia Bergsma.
Bornmeer, € 15,00




STEVEN STERK
De midden en de beide einen

Yn fyftjin ferhalen sjocht Steven Sterk mei relativearjende humor werom op syn libbenspaad. Wat leart in minske fan it libben? Wat docht men mei freugde en fertriet? Steven Sterk is keapman yn boeken.
Bornmeer, € 20,00



JAAP DE JONG
Seerjocht yn 'e skiednis fan 'e skipfeart

Oersjoch oer hoe't it seerjocht ûntstien is troch minsken en de ûntjouwingen yn 'e skipfeart tsjin de eftergrûn fan 'e foarming fan de nasjonale steaten. Wêrom is de frije see juridysk fêstlein? Auteur Jaap de Jong is farrensmân.
Bornmeer, € 14,90



TSJÊBBE HETTINGA
Evening/Equinox

Gedichten fan Tsjêbbe Hettinga yn it Nederlânsk oerset troch Benno Barnard. Ek de oarspronklik Fryske gedichten binne opnommen.
Bornmeer, € 19,50



GJALP DE GROOT
It lêste aai

Boek oer it libben as boer en it libben as aaisiker. Op oansteklike wize fertelt er oer it wûnder fan it aai, de skientme fan it fjild. Hy jout ynsicht yn de rituelen fan in aaisikersklub en hellet mei smaak anekdoates op.
Bornmeer, € 15,00



WILLEM ABMA, DANIËL DAEN
Troch eigen lânskip

Blomlêzing fan fersen fan Willem Abma: fan de iere grimmitige fersen dy't er ûnder de namme Daniel Daen skreau, oant de skôgjende, mylde fersen út de bondel inerlik ferskinen. It tinken yn tsjinstellingen en it sykjen om in mystike ienheid fan libben en dea, binne karakteristyk.


Wijdemeer, € 39,50



Fjouwer lêzings oer de Fryske literatuer

Literatuer yn lytse talen; fiif romans fan ien fan de ynfloedrykste Fryske roman-skriuwers fan de 20ste ieu; de berneliteratuer fan no en yn de takomst, en in nijsgjirrige streaming fan realistyske skriuwers om it tydskrift de Blauwe Fedde hinne.

Audiofrysk, 4 cd's € 15,00



LEWIS CARROL
Alice yn Wûnderlân
oers. TINY MULDER

Ynlêzen troch Tryntsje van der Veer. 'Alice is al oer de hûndert jier, mar se is noch altyd fris, fleurich en libben en noch altyd oarsaak fan bewûndering en fermeits foar bern.' Sa skreau Tiny Mulder yn har ynliding yn 1964. En der is wat dat oanbelanget net folle feroare.

Audiofrysk, 3 cd's € 12,00



WIEKE DE HAAN
Echt moai

In audioboek mei ferhalen oer it inerlik en uterlik fan Fryske froulju. Mar ek in boek oer de ynfloed fan heiten op dochters, oer beauty en glamour, rykdom, uterlike fersoarging en de waarmte fan thúst.

Audiofrysk, 5 cd's € 16,50



Fersk. auteurs/foarlêzers fergees audioboek

Om it ris út te probearjen hoe't it is om nei in boek te harkjen yn pleats fan sels te lêzen, wurde der fergese eksimplaren fan saneamde 'sampler-cd's' útdield yn û.o. biblioteken.

Audiofrysk



JELTSJE LEEMBURG
De gouden bân

Wanda wurket as húshâldster by Arjen en syn twa bern. De flinke frou dy't wiis en beret har wegen giet, tûget in swier geheim mei. Meinimmend boek oer de striid dy't Wanda leverje moat om in wei te finen tusken dat wat har oplein is en dat wêr't se frij yn wêze mei.

Elikser, € 15,00



HILDA TALSMa
De twadde hûd

Flot skreaune, spannende en humoristyske leafdesroman oer in jonge frou dy't nei mear as tweintich jier har jeugdleafde opnij treft. It bringt har libben, dat net alhiel rimpelleas ferrint folslein yn 'e war. Meikoarten ek diel twa!

Elikser, € 17,00



AGGIE VAN DER MEER
In moaie dei yn 'e hjerst/Wa rêdt Cesilia Tan

Twa poëtyske novellen fan Piter Jellespriiswinner Aggie van der Meer. Beide ha as ûnderwerp de ein fan it libben en weromsjen nei wat west hat.

Frysk en Frij en Elikser, € 18,50



FREDDY SCHELTEMA
De keet fan Annawâld

Opgroeie yn Annawâld is saai! Mar de keet bringt útkomst. In plak om te sitten, wat muzyk draaie, bierke derby, swetse en laitsje. It sintrum fan it frije libben fan in groep jongerein.

Elikser, € 15,00



VERCORS
In see fan stilte,
oers. PITER VD VEEN

Oangripende fersetsnovelle oer in Dútske offisier, dy't ynkertierd is by in Frânsman op jierren en syn jonge omkesizzer. De ofsier fertelt harren syn dreamen, mar de Fransozzen sizze neat werom. Dat is harren wize fan ferset. Oerset yn gâns talen en no einlings yn 't Frysk.

Elikser, € 12,50



GERRIT TERPSTRA & EPIE DAM
Fjouwer dappere mûskes

In bysûnder printeboek oer fjouwer mûskes út 'e fjouwer wynstreken dy't op reis geane. Nei in idee en mei skilderijen fan byldzjend keunstner Gerrit Terpstra.


Afûk, € 15,95



POPKE POPMA
Smelle spoaren

Misdiedroman mei as haadpersoan brigadier Klaas Hoogendijk dy't al jierren by de plysje op it plattelân wurket. As syn maat yn de fut giet kriget er in nije kollega. Dat wurdt foar him in hiele feroaring. Kin er mei har in moard oplosse?

Afûk, € 14,50



BENNIE HUISMAN
Wibren Altena, in swalker yn 'e geast (mei cd)

De lieten en gedichten fan dichter en foardrachtskeunstner Wibren Altena (1917-1987) hearre ta it meast nijsgjirrige wat der op it mêd fan de 'kleinkunst' yn Fryslân op de planken brocht is. Bennie Huisman siket yn dit boek de man achter dat aparte oevre. Mei cd mei lietsjes en foardrachten.

Afûk, € 19,50



HARMEN WIND
Rekkenskip

Daniël Múnema, 60, earder direkteur fan it suvelfabryk tinkt nei oer syn libben. Is hy wol wa't oare lju tinke dat er is? Of sterker noch: is hy wol wa't hysels tinkt dat er is? Dizze postúm ferskynde roman is in earbetoan oan in wichtige skriuwer út de Fryske en Nederlânske literatuer.

Afûk, € 17,50



ANNY DE JONG
De Traveliers: Spoaren!

It nije boek út de Traveliers-searje, in rige spannende en nijsgjirrige boeken foar bern fan 10 jier ôf. 'Spoaren' nimt ús mei op aventoer yn Finlân: sniescooters, slidehûnen, in geheimsinnich fleantúch...

Afûk, € 12,50,

Ek te keap as Audioboek, 3 cd's € 12,00

Aginda

Foar mear ynformaasje:
www.moannefanitfryskeboek.nl

14/9
FRYSK BOEKEFEEST
 Tresoar Ljouwert, 20.00 (ynrin)
 20.30 start

FOTO-EKSPOSYSJE NOORDERLICHT
 Tresoar Ljouwert

20/9
OPTREDEN SIETSE DE VRIES
 redaksje fan de Ljouwerter Krante
 Ljouwert foar LC-abonnees 20.00

22/9
EKSPEDYSJE LAAKSUM
 12.30 – 19.34 Tresoar Ljouwert, Boalsert,
 Riis, it Reaklif en Laaksum; € 37,50

23/9
FYTSTOCHT 'DE BELVEDÈRE'
 Gytsjerk, Ryptsjerk, Tytsjerk; start
 bibliotek Gytsjerk 14.15 € 3,50 leden/
 € 7,00 net-leden

BOEKOANBIEDING
 Bennie Huisman - *In swalker yn 'e geast*
 Café Restaurant De Prins, Makkum 14.30

27/9
OPTREDEN
 Hilda Talsma en Foeke van Bruggen,
 bibliotek Grou 20.00 € 3,50 leden/
 € 7,00 net-leden

28/9
SKIMERJÛNFESTIVAL NIJ BEETS
 Museum Damshûs, Wurd yn de winkel,
 Willem Abma, Grytsje Kingma, Steven
 Sterk, Henk van der Veer en Cor Waringa
www.damshus.nl

30/9
OPTREDEN
 Sietse de Vries en Bauke van der Woude,
 bibliotek Snits 16.00; € 3,50 leden/
 € 7,00 net-leden

3/10
OPTREDEN
 Sietse de Vries, Henk Mous en Wessel
 Veenstra, bibliotek Ljouwert (Beurs),
 20.00; € 5,00

5/10
BOEKOANBIEDING
 Atze van Wieren - *Bedeavaart/Pylgerreis*
 Tresoar Ljouwert, 15.00

OPTREDEN
 Sietse de Vries, Gurbe Douwstra,
 Christine Mulder en Roely Bakker,
 bibliotek Easterwâlde 20.00; € 3,50
 leden en Fryske Krite/
 net-leden € 7,00

6/10
MUZYK
 Tsjochfestival, It Dielshûs Wommels,
 13.00 - 01.30; deikaart € 17,50;
 middeiskaart € 7,50;
 jûnskaart € 15,00

7/10
BERNEBOEKEDEI
 Terherne, 11.10 – 17.10

MUZYK
 Tsjochfestival, It dielshûs Wommels,
 15.30 – 18.00; middeiskaart € 7,50

TOANIEL
 De Hogerhússaak, MFC Ons Huis,
 Sint Anne, 15.30; € 10,00 -
 bibliotekleden € 7,50

8/10
OPTREDEN
 Sietse de Vries, Jaap Louwes,
 Auke Zeldenrust en Ferdinand Nauta;
 bibliotek It Hearrenfean 19.30;
 € 3,50 leden/€ 7,00 net-leden

9/10
OPTREDEN
 Sietse de Vries en Durk van der Ploeg;
 bibliotek Drachten; 19.30; € 5,00
 leden/€ 6,00 net-leden

OPTREDEN
 Ferdinand de Jong en Jaap Louwes;
 org. bibliotek Langwar, lokaasje
 OBS 't Swannestee 19.30; € 3,50/€ 7,00
 net-leden

FILM
 Johannes Doedes de Jong; Tresoar
 Ljouwert 20.00

10/10
BERNEBOEKEWIKFEEST
 Harmonie, Ljouwert, 13.30

TOANIEL
 De Hogerhússaak, MFC Ons Huis,
 Sint Anne, 20.00 € 10,00 -
 bibliotekleden € 7,50

11/10
OPTREDEN
 Sietse de Vries en muzyk; bibliotek
 Dokkum 20.00; € 3,50 leden/€ 7,00
 net-leden

OPTREDEN
 Ferdinand de Jong en Jaap Louwes;
 bibliotek De Lemmer 20.00; € 3,50
 leden/€ 7,00 net-leden

12/10
FEDDE SCHURER- EN OBE POSTMA
PRIISÛTRIKKING
 Tresoar Ljouwert, ynrin
 15.30, start 16.00

13/10
BOEKEMERK
 Frânske pleintsje, Drachten
 11.00 - 17.00

14/10
TOANIEL
 De Hogerhússaak, MFC Ons Huis,
 Sint Anne, 15.30, € 10,00 -
 Bibliotekleden € 7,50

REIS-AKSJE
 Hjoed fergees reizgje op ferfoan fan it
 Kadoboek 'Bak'. 'Bak' is op snein 14 oktober
 jildich as ferfierbewiis yn streekbus of
 trein yn Fryslân en yn de Arriva treinen
 ek yn Grins. Dus nim 'Bak' mei op reis!
 Mear ynfo www.moannefanitfryskeboek.nl

SKRIUWKEUNST YN WARKUM
 fertrek 13.03 en 14.03 Arriva trein,
 stasjon Ljouwert; start program
 Warkum om 14.00 en 15.00. Literêr-
 kulturele programs yn ateliers en
 galeryen yn Warkum 14.00; 16.30
 Ofsluting yn priisûtrikking sulveren
 Twicht en moaiste spannend filmke;
 Jopie Huismanmuseum allegear fergees;
 17.30 iterij yn Pottebakkershûs € 22,50,
 as ekstra mooglikheid

15/10
OPTREDEN
 Douwe Kootstra en Bennie Huisman;
 org. bibliotek Frjentsjer en it Nut,
 lokaasje Bloemketerp € 7,50



foto: Sjoerd van der Veen

Gean mei op Ekspedysje Laaksum

Laaksum is in 'ikoanysk' plak yn it Fryske
 lânskip en ... yn de Fryske ferbylding.
 Skilders, skriuwers, dichters, se litte har
 allegear ynspirearje troch dizze bysûndere
 lokaasje oan de âlde Sudersee. Yn it ramt
 fan de Moanne fan it Fryske Boek orga-
 nizearje Tresoar en De Culturele Onder-
 neming op 22 septimber in ekspedysje nei
 Laaksum. In prachtige tocht fan Ljouwert
 (start 12.30) fia Boalsert, Riis en it Reaklif
 nei Laaksum, dêr't wy de sinne yn de see
 sakje sjen sille om 19.34 oere.


Underweis optredens fan bekende lânlike
 en Fryske dichters, skriuwers en muzi-
 kanten. De P.C. Hooftpriiswinner Tonnus
 Oosterhoff, mar ek jong Frysk talint, de
 jonge 'dichteres des vaderlands' Joanne
 Hoekstra ensfh., ensfh. Koartsein, gean
 mei op ynspiraasjesafary, gean mei op
 ekspedysje Laaksum! Kaarten bestelle:
 meitsje € 37,50 oer op 12.75.94.264 nei
 Tresoar ûnder fermelding fan 'Laaksum'.
 Mear ynfo : H. Top 058- 789 0 789

Boekmerk Drachten

De jierlikse boekmerk fan Fryske skriuwers
 wurdt halden op sneon 13 oktober op it
 Franske pleintsje yn it sintrum fan Drachten;
 Noorderbuert, tusken 11.00 en 17.00 oere.
 In Frysk boek mei in hantekening fan de

skriuwer kin hjir helle wurde. By oankeap
 fan € 10,00 oan Fryske boeken it Kadoboek
 fergees. Keapet men foar €10,00 berne-
 boeken dan is it Aksjeboek foar bern te
 keap foar € 3,95.

Fryske Skriuwerskalinder



Fryske Skriuwerskalinder 2013

Der is wer in skriuwerskalinder foar 2013!
 De Skriuwerskalinder is dit jier wer opstar-
 ten op inisjatyf fan It Skriuwersboun, yn de
 mande mei Tresoar.
 Der steane 41 literêre bydragen yn en
 12 hiel ferskillende, mar allegearre tige
 goed passende ôfbyldings, fan ferskillende

keunstners: foto's, skilderijen, en grafysk
 wurk. Op de omslach in stedslânskip fan
 skriuwer/fotograaf Abe de Vries.
 Los jildt de skriuwerskalinder € 7,50, mar
 yn de Moanne fan it Fryske Boek by oan-
 keap fan € 10,00 oan Fryske boeken is de
 ferkeappriis € 5,00.